

# **Fryske Krite Hoarn**

## **“Troch de Tael Forboun”**

### **Y N H A L D** jannewaris 2017

Oan ús kriteleden.....	2
Ferlotting en tagongsprizen.....	5
Ledeberjochten.....	6
Útnoeging foar 21 jannewaris 2017 .....	8
Gedicht: ‘t is letter as men tinkt .....	10
Ferslach jiergearkomste fan 23 septimber 2016.....	11
Gedicht: lokkich nijjier .....	13
De wurklist winterskoft 2016-2017 .....	14
Wurklist fan susterkriterien .....	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn .....	16

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

## Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911      105      2016  
*Jier*

---

Oan ús kriteleden

It is noch de earste helte fan desimber as ik dit foarwurd skriuw. Sinteklaas is noch mar krekt wer ûnderweis nei Spanje mei syn swarte-, wite- of feechpieten. En wy meitsje ús alwer drok oer de Krystdagen. Wat sille we ite of wer geane wy hinne. Wer sille wy de krystbeam del sette en hokfoar kleur nimme we. Ik meitsje my net sa drok. In krystbeam hawwe wy net. It is neat wurdich mei wollen flierbedekking. It oare sil ek wol goed komme. Twadde krystdei wol gauris in lekkere potiten.

En dan komt âldjiersdei en mei de earste jannewaris giet 2017 yn. Wat sil 2017 ús bringe. It âlde jier wurd nochris oer aaide. Wat wie der ek allegearre foarfallen. De tiid hâldt gjin skoft.

Sa tink ik noch efkes oan ús lêste kritejûn fan 29 oktober. It bestjoer wie klear en makke der in feestelike jûn fan mei it 105 jierrige bestean fan ús krite.

Mar de sneon om trije oere middeis kaam in tillefoantsje fan Klún en Knoffelhakke. Der is ien fan de beide spilers siik. Wat no ??????. Skilje mei eltsenien fan it bestjoer: de jûn moat troch gear.

Oare selskippen wienen op sa'n koarte termyn net beskikber. Doe hawwe we de film "Nynke" helle. Foar it bestjoer wie it spannend hoe as de oanwêzigen reagearre soenen. Tige goed en sportyf. Nochris tige TANK der foar. We hienen gjin tagongsjild mar wol lekkere kofje mei oranjekoeke út Wieringerwerf. De lotten fleagen fuort en de sealpriis kaam by in gast út Haarlim. De gesellige muzyk, fan ús eigen kritelid Anjo Boonstra, makke it allegearre ta in slagge jûn. Elts wie bliid dat it bestjoer de jûn troch gean litten hat.

Op dizze jûn koe ik in nij bestjoerslid oan ús leden foarstelle. Mei Harmke Burggraaff-Adema út Zwaag komt it bestjoer wer op sân bestjoersleden. Wy binne der tige bliid mei.



Dan geane wy 2017 begjinne mei ús grutte jûn op 21 jannewaris yn 'e Huesmolen. De Krite Bûtenpost spilet foar ús it toanielstik 'De Finale'.

Wy, as bestjoer, hoopje folle minsken wolkom taroppe te kinnen. Wat ús lytse jûn op 17 febrewaris bringe sil, is noch in ferrassing. Dat hoopje ik jimme op 21 jannewaris fertelle te kinnen. As bestjoer dogge wy ús bêst om 2017 ta in slagge jier te meitsjen foar de krite.

It ôftrune jier hie foar elts wat goeds, mar der sille ek triennen skriemt wêze omdat der fertriet wier. Der sil hjir en der in lege stoel wêze en sa oan it ein fan it jier waard dat slim field. Dôchs sille der ek grif wer sinnestrielen wêze dy't troch alles hinne skine. Nije moed jouwe yn de takomst en nije glâns strielje litte. Folle goeds yn 2017 foar ús leden en jimme neisten.

*Foarsitter, Tiny Dijkstra-de Vries*

***It bestjoer fan de Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun” winsket har leden en sibben in noflik en sûn 2017 ta.***



---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 10 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 7,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.



Diny Boonstra-Baarslag is drok dwaande mei it klear setten fan alle prizen foar de ferlotting op de krite jûn fan 29 oktober 2016.

---

## Ledeberjochten

---

Op 11 novimber 2016 ferstoar ús trou kritelid frou

### **Tine Kuip-Sierkstra**

fan Wervershoof. .

Op de roubrief stie de folgende tekst:

*De dei is ferrûn  
Mei blidens en lêst  
Dan komt de jûn  
Foar besinning en rest*

Tine Kuip-Sierkstra is berne te Warkum op 3 maaie 1922.

It bestjoer en kriteleden winsket de neibestendants in protte sterkte ta by it ferwurkjen fan it ferlies fan harren mem en beppe.

### Tankbetsjûging

Wy binne tige tankber foar al it meilibjen yn 'e rin fan Thijs syn sykte en nei it ferstjerren fan myn leave man

### **Thijs Bouma**

It wie foar ús in grutte treast sa as myn man, ús heit en pake troch sa'n protte minsken wurdearre waard.

E. Bouma-Schotanus, bern en bernsbern.

**K**oart lyn, 17 novimber, wienen de hear en frou Hemke-Couperus 50 jier troud.



De Krite Hoarn lokwinket jimme mei dit gouden jubileum en hopet dat der nochris in protte jierren yn goede sûnens by komme meie.

Adres fan Henk en Tine Hemke-Couperus  
Kerkebuurt 203,  
1647 MH Berkhout

-----  
It bestjoer wol de hear en frou **Olij** ek noch lokwinskje mei harren 55 jierrich houlik. En ek de heer en frou **Kloezen** mei harren 35 jierrich houlik fan herte lokwinske.  
-----

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012).

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat 80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

## *Útnoeging foar 21 jannewaris 2017*

---

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 21 jannewaris 2017 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it toanielstik::

### **“De Finale”**

#### **spile troch**

### **Krite Bûtenpost**

Rinus Palstra is ferstoarn en iepenet syn testamint op in wol hyl moderne wize.

It earste part jout al wat kribbekeurichheden, om't syn freondinne yn it hûs wenjen bliuwe mei, sadat dat net ferkocht wurde kin.

It twadde part is noch slimmer, want fan de twa ton dy't hy neilit moat de helte nei in goed doel. As de bern útfine kinne wat dit goede doel it is, kinne sy de oare helte ek opstrike, oars giet dy ek nei dat selde goede doel.

Panyk yn de tinte, want se hawwe ferlet fan it jild om't se slim yn 'e niten sitte, of se gunne inoar gewoan neat .....

---

**M**uzyk op dizze jûn fan Bauke Willem Kooiker



# Krite Bûtenpost

---

De spilers binne:

Rinus Palstra

Niels

Sep

Ankje

Titia

Notaris Beerda

Martinus Meindertsma

Iebe Bouma

Klaas Jansma

Klaske Kommery

Ria Krist

Anneke Nieuwenhuis



Rezjy

Jelmar Hoekstra

Lûd & Ljocht

Pim Feenstra

Jonas Reitsma

Dekor

Harrie Nieuwenhuis

Geert Hoogsteen

Minze Stiksma

---

## *Gedicht: 't is letter as men tinkt*

---

My rûgeljen de oeren troch de fingers hinne,  
Ik griep de tiid as út in folle koer.  
Seach ik net no en dan de boaien skimerjen  
Wist ik net: elts eagenblik is djoer?

Wat haw 'k bedijd yn al dy lange jierren?  
In hânfol fersen, dêr is it mei sein:  
Ik haw, in skoalbern, tige op 't snijt en fleurich,  
Wat flinterknipt en boarte op libbens plein.

It is al let; 'k sjoch de fersille oeren,  
In fjild fan stiennen, om my hinne stean.  
Wat jout dat aloan mei lome wjukslach  
Myn tinzen oer dy toarre oarde gean?

Ik lit se saaije oer grien en pôlen blommen,  
Geurjend en kleurd fan waarmens dy't ik joech  
Yn freonskip, en ik bin werom by harren,  
Waans libben 'k, lang of koart, yn leafde droech.

Eltsenien is roppen ta syn eigen wêzen,  
Troch alle iuwen ienich yn 't hielal  
Mei eigen doel en foarm; sa moat ik wurde:  
Mysels, edelste kearn en klearst kristal.

It is al let, 't is letter as men tinkt.  
Wyn, waai my suver, de eagen doch ik ta,  
'k Lis op 'e lúster, mocht yn dizze nûnder  
Myn libbens greate rûzjen wjerklank ha.

Rixt (1887-1979)

---

## *Ferlach jiergearkomste fan 23 septimber 2016*

---

We kinne werom sjen op in noflike jûn mei neist it foltallige bestjoer in goeie 20 leden.

De foarsitter iepent de jûn mei it betinken fan ‘e minsken die it foarôfgeane jier ferstoarn binne. Mei in skoander gedicht slút hja de iepening ôf.

Dernei rinne we rap troch de wurklist hinne. Douwe Hoekstra is ferline jier al beneamd as 2<sup>e</sup> foarsitter mar dit hat nea efter yn it boekje by de funksjes fan ‘e bestjoersleden stien. We kinne weromsjen op in pear skoandere jûnen. Yn oktober 2015 spile krite Assen in moai stik. Pro Rege (Holwert) brocht yn jannewaris in moai toanielstik en ek de lytse jûn in febrewaris mei Prof. Visser’s lêzing oer de “Amish” lûkt in fikse kloft minsken nei de Huesmolen. Tige slagge wie de Algemiene Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens op 9 april mei, nei de gearkomste, in breamiel. De selde jûns kamen Noordenbos & Ko. Ek dizze tredde grutte jûn wie in sukses.

Wat de finânsjes oanbelanget kinne we sjen dat de ponghâlder efterútbuorke hat. De kontribúsje

wurdt minder mei 't it oantal leden tebek rint en de selskippen wurde net goedkeaper. Ek wienen der inkelde bysûndere útjeften foar ienkear.



De ôfgeande bestjoersleden wurde op en nij ynhierd. It program foar kommand winterskoft is noch net hielendal rûn. Nei it bakje kofje mei koeke spylje we in pear spultsjes Frysk kienen.

*Skriuwer, Jan Vogel*

It kienen. De kaart wurd neisjoen, ja, it wie goed!



---

## *Gedicht: lokkich nijjier*

---



### *Lokkich Nijjier*

*As aanst de tolve slaggen falle  
Dan is it âlde jier wer gien.  
Wy skouwe meiinoar oer de drompel  
Fol moed , mei blydskip of in trien.*

*It âlde jier hat joun en nommen  
Sa sil it troch de jierren gear,  
Der kam nij libben yn"e widskes  
Der sille lege stuollen stean.*

*Mei it nije sil wy aanst wer begjinne  
It âlde skild kin no oan kant  
En rigels dagen, wiken, moannen  
Dy hingje al wer oan"lewant.*

*Foar elts leit der syn paad bedutsen  
En nimmen wit, 't rint licht as swier,  
Mar as de tolve slaggen falle  
Winskje wy in elts in goed nijjier.*

*M. Koldyk-de Vries*

---

## ***De wurklist winterskoft 2016-2017***

---

- 21 jannewaris 2017: 2e grutte jûn: toanielstik  
'De Finale' spile troch  
Krite Bûtenpost
- 17 febrewaris 2017: lytse jûn
- 25 maart 2017: 3e grutte jûn: mei muzyk  
fan Sânman & Sikke
- 

## ***Wurklist fan susterkrite***

---

- Krite Haarlim "Gysbert Japicx"

Lokaasje: Stedelijk Gymnasium, Jacobijnestraat 2,  
2011 TH Haarlim.

14 jannewaris 2017, kritejûn

11 maart 2017, kritejûn en jiergearkomste

- Krite Den Helder "Gysbert Japicks"

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.  
(tillefoan 0223 617752 de hear B.T. de Vries)

### ***Douwe Egberts punten***

De waardepunten kinne jo ynleverje op de  
kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in  
doaze.

---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

---

## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

---

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries  
Schoener 3,  
1771 EA Wieringerwerf  
Till.: 0227 501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra  
Tinnegieter 1,  
1625 AN Hoorn  
Till.: 0229 211749  
e-mail: [ddhoekstra@quicknet.nl](mailto:ddhoekstra@quicknet.nl)

Ponghâlder<sup>1</sup> en  
lede-administraasje: V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn  
Till.: 0229 234881  
e-mail: [pslange@icloud.com](mailto:pslange@icloud.com)

Skriuwer: Jan Vogel  
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Dorpsstraat 293, 1689 GE Zwaag Till.: 0229 263735 e-mail: <a href="mailto:jetskeleenstra@me.com">jetskeleenstra@me.com</a>	Renske Nauta- Haagsma Dr. CJK van Aalstweg 19, 1625 NV Hoorn Till.: 0229 237267 e-mail: <a href="mailto:nautahaagsma@hetnet.nl">nautahaagsma@hetnet.nl</a>	Harmke Burggraaff-Adema Rijweg 45, 1689 WX Zwaag Till.: 0229 238284 e-mail: <a href="mailto:harmke.burggraaff@quicknet.nl">harmke.burggraaff@quicknet.nl</a>
---	---	--

Eareleden: De hear Popke Slange  
De hear Eppie Kloezen

---

Lief en leed: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat  
80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

<sup>1</sup> Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn